

LITURGY

Snein 14 septimber 2025

om 9.30 oere

yn de Hege Stins Eastermar

Foargonger: dûmny Wybe Feenstra,

Burgum

Oargelist: Fokke Walstra

Alderling: Tine Hoekstra

Beamer: Michel&Wyske

Liet foar de tsjinst: 283: 1, 2 en 3

1 Yn 'e mannichte fan lûden,
yn it stoarmjen fan 'e tiid,
sykje wy it sêfte sûzjen
fan it wurd dat freugde biedt.

2 Rûnom wei, yn dit fermidden
ha wy nei ien boarne socht,
nije dreamen woll' we_om bidde
en ús rjochtsje nei it ljocht.

3 Want wy minsken hjir op ierde
wurde wurch fan nacht en kwea.
Soene Jo, Hear, ús net liede
dan oermanne ús de dea.

- **Wolkom en meidielings**

Sjonge: Psalm 77: 1 en 3

1 Lûd rop ik yn need en pine
om myn God: Hear, lit Jo fine!
'k Rop oanienwei en myn klacht
docht gjin lichten, dei noch nacht.
Suchtsjend moat ik oan Him tinke,
no't my krêft en moed ûntsinke.
Yn fersleinens wit myn geast
fan gjin útwei en gjin treast.

3 Soe de Hear syn folk ferstjitte,
net mear fan genede witte?
Komt Hy wat Er ienkear sei,
yn myn libben dan net nei?
Is Him dan syn trou fergetten?
Hat Er 't hert yn grime sletten?
Wier, dit is myn fûlst fertriet,
dat Gods hân it sitte liet.

- **Kyriegebed**

Sjonge Glorialiet: Liet 657: 2 en 3

2 Al kin ik sels net sjonge
omdat it my beset,
it liet op oare tongen
seit: God ferjit dy net!
Troch azemneed befongen,
of troch fertriet soms stil:
jo liet fan langst te sjongen
hat my nei 't ljocht ta tild.

3 It tsjuster kin ferblikke
troch psalmen yn 'e nacht.
De muorren kinne falle:
sjong dan út alle macht!
God, lit ek yn ús dagen
de himelhege sang
ús heine en ús drage
ús leave libben lang.

- **Gebed by de iepening fan it Wurd**
- **De Bern geane nei de bernetsjerke**

Skriftlêzingen:

a) Genesis 37: 12 o/m 35

b) Jeremia 31: 15 o/m 17

Sjonge: Liet 166 B

1 Joazef siket om syn broers.
Alle tsien binn' se jaloersk.
Pronkjas, wy sill' dy wol krije,
do moatst oer dyn dreamen swije.
Fielst dy faaks wol och sa grut,
mar no giesto yn 'e put.

2 Joazef wurdt as slaaf ferkocht,
hy wurdt nei Egypte brocht.
Alle dreamen binn' ferjitten,
hy moat jierren finzen sitte.
't Is ûnearlik en gemien
want hy hat gjin mins wat dien.

3 Lange jierren gean' foarby,
mar de Heare stiet him by.
Joazef kin de útlis neame
as twa manlju hiel frjemd dreame.
Mar de skinker? Hy ferjit
dat syn rêder finzen sit.

4 Farao, heech op syn troan,
dreamt sa raar fan kij en koarn.
Joazef komt om út te lizzen
wat dy frjemde bylden sizze.
Moanne_en stjerren, ko en ier,
alle dreamen wurde wier.

5 God brocht yn syn lot in kear,
Joazef kriget alle ear.
Ek de bruorren moatte bûge,
't folk wurdt nei Egypte nûge.
Sa hâldt God troch Joazefs hân
't folk fan Israel yn stân.

- **Preek**

Sjonge: Liet 756: 1, 2, 4 en 6

1 Lit komme, Hear, jo ryk,
jo keninklike dei,
kom as in foarst allyk,
dat elk jo macht sjen mei!

2 Wy tidigje_al sa lang
op 't lân ús tasein, Hear,
dêr't leafde_en lofgesang
ferdriuwe leed en dea.

4 Sil oait in dei bestean
dat oarloch, haat en niid
foargoed te'n ûnder gean
yn dizze minsketiid?

6 Wy bidde, kom oerein,
kom yn jo hearlikheid,
Jo, hoeder ús fersein
by wa't ús hope leit.

- **Gebeden**

Kollekte

Werelddiaconaat (Indonesië)

In Indonesië leven nog steeds kinderen op straat. Sommigen helpen hun ouders bij de verkoop van kranten of etenswaren, anderen moeten zich alleen redden. Medewerkers van de organisatie Dreamhouse zoeken deze kinderen op straat op en kijken welke hulp ieder kind nodig heeft.

- **De Bern komme werom yn tsjerke**

Slotliet: Liet 418: 1 en 2

1 God, skink ús de moed
ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed
útinoarren driuwe.
Jo sill' dei oan dei
oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen
draacht jo seine mei.

2 Wa't dat priuwe mei
siket nije wegen,
seine bringt ús nei
dy't om frede freegje.
Jo geskink wurdt mear
as wy harkje kinne
en meidielsum binne,
fruchtber yn de Hear.

- **Sinding en segen**

- **De oargelist spilet**

Nije wike: 21/9/25 Startsnien: 9.30 ûre
“Kijk! Laat je verrassen door het werk van Gods Geest’.